



Durk
van der Ploeg
Foarby
it Boarkumer
fjoer

Roman

BOEKENNIEUWS

**Durk van der Ploeg
'Foarby it Boarkumer fjoer'**

Mei syn histoaryske roman 'Foarby it Boarkumer fjoer' publisearret Durk van der Ploeg syn 25ste boek. It giet diskear om in dûbeld jubileum; fyftich jier lyn debutearre Van der Ploeg as skriuwer, doe't er syn earste literêre ferhaal foar it Friesch Dagblad skreau.

Oer 'Foarby it Boarkumer fjoer'

Hast hûnderttweintich jier lyn feryng de fiskersfloat fan Peazens-Moddergat yn in fleanende stoarm. Fierwei it grutste part fan de fiskers ferlear dêrby it libben. It monumint op 'e seedyk mei de prachtige dichtrigels fan Douwe A. Tamminga is oant hjoed de dei in oantinken oan dy ferskriklike ramp en syn slachtoffers.

Yn syn lêste roman folget Durk van der Ploeg yn de byldzjende styl dy't de lêzer fan him wend is, it libben fan Botte Vanderloos, ien fan de jonge fiskers dy't de ramp meimakket en op wûnderbearlike wize oerlibbet. Botte is in foarbern fan de rike boeredochter Swaantsje Holwerda, dy't op eigensinnige wize har gong giet. Lang sit Botte oantangele mei de fraach oft er syn bestean op see of krekt op it boerelân sykje moat. Nei in lange striid kiest er dochs foar de see.

Durk van der Ploeg jout yn 'Foarby it Boarkumer fjoer' in boeiend byld fan de ûntjouwingen yn de mienskip fan Peazens-Moddergat tusken 1862 en 1945. De fiskerij krige nei de ramp dochs wer de fuotten ûnder it gat. Hoe't de mienskip fan Peazens-Moddergat wer by de wal opklattere, is foar in soad lêzers grif nije ynformaasje. Ek dat bepaalt de wearde fan dizze yn kultuer-histoarysk opzicht belangrike roman.

Mei 'Foarby it Boarkumer fjoer' hat de skriuwer in nij boek taheakke oan syn rige romans dy't allegear yn de Dongeradielen spylje en it literêre hichtepunt fan syn oeuvre foarmje. 'De jacht', 'It wrede foarjier', 'Reis nei de Kalkman', 'It lekkën oer de spegel' en 'Skepsels fan God' jouwe in boeiend byld fan it libben yn al syn fasetten yn Noardeast-Fryslân tusken 1880 en no en hawwe in grutte dokumintêre wearde. Benammen de romans oer de krisistiid en de Twadde Wrâldoarloch hawwe djippe yndruk makke op it lêzerspublyk. 'Foarby it Boarkumer fjoer' lit sjen dat de skriuwer him mei ynmoed ynlibbe hat yn in foar him nij ûnderwerp: it hurde libben fan de fiskers op it waad.

Friese Pers Boekerij B.V. Ljouwert, 2002. Durk van der Ploeg, 'Foarby it Boarkumer fjoer' (roman). ISBN: 90 330 1266 9, tal siden: 368, priis: €17,50.